

Yn jannewaris 2015 stie foar de earste kear op de aginda yn de bestjoersfergadering; 40-jierrich jubileum. Dit kinne we fansels net foarby gean litte. De meast untwrykse ideeën kamen fuortdaliks oer de tafel, we giene hielendal los! We ha beslúten om in selekt groepke te freegjen dy hjir oer te set kinne. Yn it neipetear fan de ledegearkomste fan 15 april 2015 wiene we der allegear oer iens it ferhaal fan "Alice in Wonderland" te brûken. Hjir is de entûsjaste ploech besteande út, Wolter Overwijk, Tineke vd Sloep, Knilles Postma, Niels Hofman, Jan en Marije Overwijk, Anne Visser, Tjitte Hoekstra en Mirjam vd Meer, dan ek drok mei oan de slach gien. Op 12 maaie 2015 hat it earste petear by Tineke thús plakfûn. Allerearst binne der ferskate ferhalen út Top en Twel foarby kommen. Hoe kinne we die yn it ferhaal fan Alice fertale? De titel soe wurde 'Troch de tiid'.

Dat wie de earste opset foar it hiele gebeuren. We ha jûnen en jûnen sitten en elts hie der ek wol nocht oan, mar eintsjebeslút moasten we der earlik foarút komme dat it foar ús hast ûnmooglik is om sels it ferhaal te skriuwen. Der binne ideeën genôch, mar om it sa oer te setten nei in ferhaal dat slagget net.

Wol wiene we der oer út dat we mei preamen efter de doarpen lâns faren gean. Machtich én uniek! Us Top en Twel lient sich der útstekend foar! Wat sal it in spektakel wurde!

Der binne ek ferskate wurkgroepen yn it libben roppen. Tink hjirby oan; rezjy en spilers, lokaasjes, klean, grime en kap, finânsjes, subzjysjes en fergunningen, dekor kreatief en technyk, lûd en ljocht, sponsoring, preamen, logistiek, de PR, catering, ensfh. We kinne as bestjoer fansels net alles op de skouders nimme, dêr ha we mear minsken by nedich.

Undertusken wie it dochs al wêr augustus fan 2016. De tiid hâld gjin skoft! Jacoba Visser is ek by de groep oanskowt. We ha Freddie Reijenga ree fûn om ús te helpen it ferhaal te skriuwen, perfekt! Elts wie fuort wêr entûsjast. We ha alle, oant no ta, optochte ferhalen op tafel goait en Freddie soe der mei oan de slach. Moai no! Einliks sit der skot yn'e saak! Mar spitich genôch kaam Freddie yn oktober mei it berjocht dat hy der fanôf seach. Kwa sûnens giet it net goed en moat er syn fokus dêr op lizze. Begrypelik mar spitich foar ús!

Mei de hânnen yn it hier ha we ferfolgens Geartsje Hoekstra benadere om ús te helpen it ferhaal foarm te jaan. Mar troch drokte en oare saken kaam dat ek net echt fan de grûn.

Binnen it bestjoer binne der ek wat feroarings. Troch persoanlike omstannichheden is Tjitte Hoekstra spitich genôch útfallen. Gelokkich ha we Anne Visser as bestjoerslid, interim foarsitter, strikke kinnen. Wolkom Anne, we ha dy mear as nedich. Ek ha we de opset fan it ferhaal feroare. We wolle mear rjochting in soarte fan sprookje, yn de sfear fan Lord of the Rings. Der ha we mei syn allen in better gefoel oer. En de druk sit der no toch goed op, oer in 9 moanne moat der toch in hiel iepenloftspul opfiert wurde. Dat koe noch wolris in hiele befalling wurde...

Marije hie fan kunde heard oer in berneteteater skriuwer, Paul van Dijk. Dus ha we him benadere en hy wie fuortdaliks fan de partij. Ek syn freon en kollega, Jurjen Faber wurket graach mei. En nei in jûntsje sitte, ideeën spuie, illustraasjes sjen litte en fertelle wat der allegear bard is en in soad laitsjen gean Paul en Jurjen mei de kop fol oan de slach mei it ferhaal. Us ferhaal, ús iepenloftspul! Wat moai!

Yn jannewaris fan 2017 leit it script dan echt op tafel. Nei wat hinne en wêr geskew leit er der definityf. In prachtich ferhaal oer de trije reuzen fan Top en Twel. Dit is it!

No kinne we echt op de foargrûn oan de slach. We kinne spilers en rezjy freegje, de wurkgroepen útbreidsje, lokaasjes fêstlizze en wat al net mear. In hearlik gefoel dat we oant no ta al safolle entûsjaste minsken om ús hinne kriigen ha. We sjoche it sitten, it is ûngelofelik grut fan opset, mar we gean der folle bak foar!

De skitterjende en nijsgjirriche trailer is de wrâld yn gien en belooft in gruts spektakel. Dus op syk nei reuzen, heiten en memmen, Piters, feanklúten en neam it mar. We ha de sênes opdield yn totaal 9 stiks. Mei elts hun rezjy en eigen ploech spilers. De lokaasjes binne fêststeld en besprutsen. De finânsjes binne yn kaart brocht, de sponsoren en subzjysjes binne oanskreaun, de gemeente hat de oanfraach foar de fergunningen binnen, de earste kleankomposjysjes wurde makke, Richard bûgt zich oer it lûd en ljocht, ensfh. Koartom, alles rint.

De spilers hiene we eins sa by elkoar! Eltsenien sie gewoan ja, se wolle hjir graach oan mei dwaan. Wat geweldich! Sels de lytse Piters hiene we sa regele. Itselde foar de rezjy, eltsenien sei gewoan ja, se wolle hjir graach oan mei dwaan!



De 9 sènes, inklusief de fertellers, kinne yndividueel oan de slach, elts op syn eigen tempo. De earste trochrin stiet fêst op woansdei 19 juli 2017 yn it Harspit. Dan sjoche we de gehiele foarstelling efter elkoar oan, sène foar sène. Spannend én leuk! En dat wie it ek! Nei ôfrin ha we de rezjy by prate kinnen oer de klean, de lokaasjes en it fierdere ferrin.

Undertusken rint alles efter de skermen gewoan troch. Wat is der in boel te regeljen sis! Mar mei soms wat tûkelteammen underweis rêde we it bêst. Mei goed en dúdlik oerlis en de kop der foar komme we in hiel ein. It wurdt fansels steeds spannender no at de premjêre hiel tichtby komt.

Finansjeel ha we de boel op oarder, de sinten komme stadichoan binnen en fleane der like hurd wêr út, mar ûnder kontrôle. It lûd en ljochtplan is trochsprutsen en kin trochset wurde. De webside is online de kaartferkeap giet hast fan start. De klean binne yn de maak as wurde sammele. De dekorstikken wurde yn elkoar set en mei soarch oanklaait. De rekwisieten binne yn kaart brocht en by elkoar socht. De prúken binne útsocht, de grime is kompleet. De preamen binne reservearre en lizze dobberjend te wachtsjen. De noadiche drank- en horekafoarsjenning krije foarm en alle dielnimmende frijwilligers en helpers wurde faak op de hichte brocht wat der spilet en fan hen ferwachte wurd.

Ek de kranten en media pakke ús iepnloftstik op. Dermei steane we samar yn Groot Sneek, de Ljouwerter krante en it Friesch Deiblêd. Fanút de Ljouwerter krante krije we berjocht dat we oan de Gouden Gurbe mei doche. It kin net op!

Dat docht ek bliken út de kaartferkeap. Op tongersdei 15 juni ha we spesiaal foar de leden in kaartferkeap hâlden. Sy koene mei koarting in tagongskaartsje keapje. Eltse oare belangstellende krije twa wiken letter de kâns. Doe gie de online kaartferkeap fan start. Foaral yn de lêste wiken foar de premjêre gie it fan geeftum. En rekken de tiisdei en woansdei rap útferkocht. It totale oantal ferkochte kaarten is 1050 stiks. In geweldich resultaat!

Op tiisdei 5 en 12 septimber wie de trochrin op it wetter. Foar elts de earste kear op lokaasje. In soarte fan mini ginnerale sis mar. Ek wiene der in tal preamen mei. Net allinne foar de fertellers mar ek om it tiidsskema te bepalen. Dit rûn allegear eins poerbêst. Der binne noch inkele punten fan kritiek, mar gjin skokkende dingen sa krekt foar de werklike útfiering. Yn dizze twa wiken komt alles by elkoar. It dekor, de rekwisieten, de oanklaaiing, de slotsène op de skou. Der binne safolle minksen yn it spier om alles te plak te setten.

Op de plande generale rippetysje fan snein 17 septimber wie it in bytsje sútterich kwa waar. Ek de sènes rûnen noch net sa at it wêze moast, mar derfoar is it gelokkich in generale. Oer it algemien wie eltsenien dik tefreden en klear foar de kommende wike.

En dan is it safier. Moandei 18 septimber, de try-out. San goeie 80 besikers sammelje sich by it fiadukt. De ferteller docht syn ferhaal en men stapt rêstich yn de preamen. Sy farre lâns ús prachtige stik, ús grutte trots. Op de Skou komme we allegear wêr by elkoar. Alle spilers, helpers en frijwilligers nimme in drankje oan de prachtige bar. Wa't gjin drankje nimt kin rjochtstreeks yn de pendelbus werom brocht wurde nei it startpunt. Neffens sommigen fielde it as in formule 1 wein, sa hurd raasde er oer de dyk, mar in perfekte oplossing!

Ek de tiisdei en woansdei giene fan in leien dakje. De preamen sieten gesellich fol. De sènes giene super en de omset fan de bar wie goed. Mar foaral it waar is fantastysk, wat in skitterjende stjêren yn de loft en in noflike temperatuer.

Tongersdei hiene we in dei frij, foar it bestjoer in reden om efkes te evaluearjen en de puntsjes op de I te setten. De freed en sneon wiene bomfol, dik útferkocht en hiel gesellich drok. Sawol yn de preamen as op de Skou. Sels de after party yn de kroech sille we net gau ferjitte.

Eltsenien wie entûsjast, emosjoneel, mei wurden te koart. Wat ha wy fan it publiek moaie dingen heard! Ek de Gouden Gurbe briefkes lieten sjen dat men it prachtich fûn! In hiel soad 5 punten, dat seit genôch!



Net allinne it publiek wie sa bliid, ek de spilers, rezjy, helpers, barpersoaniel, nim it mar. We ha it toch mar efkes mei syn allen flikt! En sa as it yn de krante sa moai ferwurde is "De Striid bewiisde mar wer ris dat lytse doarpen bysteat wêze kinne grutte dingen te dwaan".

Yn de wiken dy folgden wie it in kwestje fan ôfkicke en opromje. Foaral dat earste, wat kin san gefoel noflik mar ek núver wêze!

Ek hiene we de útrikking fan de Gouden Gurbe noch. Op freed 20 oktober binne we as bestjoer yn de boemel nei Ljouwert riiden. Yn de Harmonie ha we de leuke opset fan de Gouden Gurbe belibbe, helaas wol sûnder byldsje wêr nei hûs.

Fanôf de start fan it hiele barren wie ús ynstek om it fan it doarp foar it doarp te dwaan. En dat is slagge. Der binne we grutsk op. We binne grutsk op eltsenien! Want sûnder alle help fan wa dan ek hie it nea plakfynje kinnen. Derom ha we op sneon 28 oktober de kroech nochris op syn kop setten. Alle meiwurkers, yn totaal san 180 man ha in útnoeging kriigen. Derfan binne san 120 man it kafee binnen rûgele. En wat foar feest. Troch eltsenien dik fertsjinne!

As aller lêste wat der noch regele moast wurde is de film. Want fansels is it hiele iepnloftstik opnaam. En op snein 14 jannewaris 2018 ha we mei hast alle meiwurkers de prachtige film besjoen. It wie stil yn de seal, elts hat der fan genoaten. In moaie ôfsluting fan in moaie tiid.

Wy ha as bestjoer faaks al in betankje ferstjoert as útsprutsen, mar we doche it toch noch ien kear. Iederien ûngelofelik bedankt! Wat ha wy mei ús allen in herinnering om nea wer te ferjitten delsetten!

We ha in drok en ûnwerklike trije jier efter de rêch, mar we hiene it net misse wollen. De striid is striiden!

Maart 2018

Skriuwster Mirjam van der Meer

